

Programma Werkgroep het Bildt 2010 - 2014

`n Slag Foorút



FRYSK

WB

Ynhâldsopjefte

Ynliding

Utgongspunten fan Werkgroep het Bildt

Spearpunten foar 2010-2014

Programma Werkgroep het Bildt

- 1. Algemien bestjoer**
- 2. Iepenbiere Oarder en Feiligens**
- 3. Ferkear en Iepenbiere Romte**
- 4. Ekonomyske Saken**
- 5. Underwiis**
- 6. Kultuer, Rekreaasje en Sport**
- 7. Sosjale foarsjennings en Maatskiplike tsjinstferliening**
- 8. Folkssûnens en Miljeu**
- 9. Romtlike Oardering en Folkshúsfesting**
- 10. Jildsaken**

Oer Werkgroep het Bildt

Kandidatelist

Programma Werkgroep het Bildt 2010 - 2014

'n Slag Foorút

Ynlieding

Werkgroep het Bildt fynt dat nei de ôfrûne riedsperioade de Bildtse befolking rjocht hat op in aktyf gemeentebestjoer, dat saken ek wier foarinoar dien krijt. Fandêr dat ús programma as motto meikrijt 'n Slag Foorút.

Werkgroep het Bildt stiet yn 'e riedsperioade 2010 – 2014 foar nije oerjefte, diedkrêft en dúdlikens. Dêrmei stekke wy de hannen út 'e mouwen om der foar te soargjen dat de ynweners fan het Bildt, yn dizze ekonomysk swiere tiid, bestjoerd wurde fanút de útgongspunten fan Werkgroep het Bildt.

solidariteit, rjochtfeardigens en duorsumens

Yn dit programma jout Werkgroep het Bildt oan yn hokfoar rjochting wy de takomst fan gemeente het Bildt foarm jaan wolle. Foar in dúdlik oersjoch brûke wy de yndieling fan 'e programmabegutting fan 'e gemeente. By elts programma jouwe wy oan wat foar ús it wichtichste belied wêze moat en wêr't wy ús de kommende fjouwer jier foaral foar ynsette wolle.



www.werkgroephetbildt.nl

Útgongspunten fan Werkgroep het Bildt

Werkgroep het Bildt is in politike groepearring dy't al 35 jier yn 'e gemeente het Bildt aktyf is, in werklik lokale partij. Wy binne in demokratysk, iepen gearwurkingsferbân; minsken fan ferskillende libbensskôgingen en maatskiplike streamingen wolle har ynsette foar dizze gemeente en har befolking. Fertsjinwurdigers en leden fan Werkgroep het Bildt hechtsje oan de útgongspunten: Solidariteit, duorsumens en rjochtfeardigens.

- **SOLIDARITEIT, mei elkoar, foar elkoar.**

Minsken yn ús mienskip ferskille. Ut dat eachpunt wei fynt Werkgroep het Bildt dat dizze ferskillen yn 'e rekken hâlden wurde moatte. Elk mins hat in plicht tsjinoer de oare en is ferantwurdelik nei de oare ta. De wrâld is op it lest foar ús allegear. Dêrom is it wichtich: de sterkste skouders drage de swierste lêsten en de swakke skouders wurde mijd.

- **DUORSUMENS, rjochte op de takomst.**

Foar Werkgroep het Bildt is de libbensomjouwing foaral wichtich. By elke kar moatte wy de langere termyn en de takomstige generaasjes yn 'e rekken hâlde. Dêrom is stribjen nei duorsumens sa wichtich.

- **RJOCHTFEARDIGENS, dreaun út oprjochtens en betrouberens**

Werkgroep het Bildt fynt dat elkenien rjocht hat op in minskweardich bestean. Ungelikens tusken minsken dy't ûnrjochtfeardigens as gefolch hat moat dan ek bestriden wurde. Werkgroep het Bildt fynt dêrom dat de gemeente yn har belied en hanneljen in betroubere partner wêze moat.

Dizze útgongspunten foarmje de reade tried fan dit programma. Werkgroep het Bildt wol hjir safolle as mooglik is fan wiermeitsje yn in demokratysk funksjonearjende mienskip.



www.werkgroephetbildt.nl

Spearpunten Werkgroep het Bildt 2010-2014

- **Utfiere fan doarpsfisys, dy't passe by de útgangspunten fan Werkgroep het Bildt, mei de klam op:**
 - Multifunksjonele Akkommodaasje (MFA) mei as doel it behâld fan de foarsjennings yn de doarpen
 - Brede skoalle mei as doel it behâld fan de skoalle en foarsjennings yn de doarpen
- **Behâld selsstannichheid gemeente het Bildt**
 - Ynsette op gearwurking op útfieringsmêd Middelseegemeenten
- **Ferkearsfeiligens**
 - Realisearjen fan frijlizzend fytspaad Attesweg
- **Bestemmingsplan Bûtengebied**
 - Behâld iepen lânskip
 - Gjin sâlt-of gaswinning op- en ûnder het Bildt
 - Gjin kearnoffal opslach ûnder of op Bildts grûngebiet
- **Stimulearring duorsume ekonomyske ontwikkeling**
 - Oantakking doarpen oan de Noardelijke Alvestêdenrûte
 - Bou fan betelbere en duorsume wennings
 - Lytskalige rekreaasjeprojekten stimulearje
 - Duorsume ynkeap troch gemeente
- **Jeugd- en jongerenbelied**
 - Foarsjennings foar de jeugd
 - Moetingsplakken foar de jongerein
- **Wmo belied**
 - Stipe troch 'e gemeente by dei-fersoargingsprojekten
 - Fuortsjerkjen fan de gemeentlike ûndersteuning fan frijwilligers en mantelsoarch

Programma Werkgroep het Bildt 2010-2014

1. IT ALGEMIEN BESTJOER

Werkgroep het Bildt fynt dat it bestjoer fan in gemeente ticht by de befolking stean moat. Dêrom moatte de ried, it kolleezje fan B & W en ek de meiwurkers fan de gemeente soargje foar in goeie en klantfreonlike tsjinstferliening. Foar de boargers moatte procedures dúdlik en ienfâldich wêze mei in dúdlik taalgebrûk sadat it foar elk te begripen is. Dêrneist wolle wy dat de boargers safolle mooglik belutsen wurde by de besluten fan B & W.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. romte foar de boarger om syn miening te jaan, dêr't ek de mooglikheden fan ynternet by belutsen wurde
- b. heldere en komplete ynformaasje fan de gemeente nei de boargers ta, dêr't de pleatselike media, website en oare middels by brûkt wurde.
- c. it selsstannich bliuwen fan de gemeente het Bildt. Mei de gearwurking mei de Middelsee-gemeentes krijt it amtlik apperaat mear krêft en mear kânsen om mekoar te stypjen by grinsoerstiigjende ûnderwerpen.
- d. in gemeentelik wurknimmersbelied dat rjochte is op in slachfeardige organisaasje yn Middelsee-ferbân, in organisaasje rjochte op kommunikaasje, meisizzenskip en noed, it stimulearjen fan in goeie gearstalling fan wurknimmers, oplieding en ûnderfining.
- e. it meitsjen fan doarpsfisys en it aktueel hâlden fan de doarpsfisys. De gemeente moat dit stimulearje en de ferienings fan Pleatselik Belang genôch, ek finânsjele, kânsen jaan en ûndersteuning biede.

2. IEPENBIERE OARDER EN FEILIGENS

Werkgroep het Bildt fynt it in betingst dat de libbensomjouwing rêstich, feilich en oardere is foar in goed funksjonearjende mienskip. Wy wolle ús ynsette foar it ferbetterjen fan ûnfeilige sitewaasjes op it mêd fan omjouwing, miljeu, ferkear en sosjale feiligens. By iepenbiere oarder en feiligens hat de gemeente foaral útfierende taken wêrby't der gjin ynfloed is op it belied. Foar ús is it boppe-al wichtich om nei te gean oft de gemeente goed kontrolearret op it neikommen fan de jildende foarskriften en ferliende fergunningen.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. It iendudich hanthavenjen fan regeljouwing nei de boargers en bedriuwen ta.
- b. It befoarderjen fan de belutsenens fan de boargers by harren omjouwing.
- c. It befoarderjen fan de sosjale feiligens en de ferkearsfeiligens.
- d. It finânsjeel stypjen fan projekten dy't rjochte binne op it foarkommen fan kriminaliteit ûnder de jongerein en fan oare projekten dy't rjochte binne op it foarkommen fan swierrichheden û.o. op it mêd fan alkohol en drugs.

3. FERKEAR EN IEPENBIERE ROMTE

Foar Werkgroep het Bildt stiet feiligens fan de dielnimmers oan it ferkear foarop. Dêrneist is in goeie berikberens fan het Bildt tige wichtich foar de bedriuwen en bewenners. Mei it each op it miljeu fine wy dat, sa mooglik, de gemeente it fytsen stypje en befoarderje moat. Sawol rekreatyf as foar deistich gebrûk.

It lânskip, it wetter en de diken tusken de grinzen fan de gemeente foarmje de iepenbiere romte. Foar Werkgroep het Bildt is foaral wichtich dat wy sunich binne yn it behear en behâld fan de natoer. Wy fine dat wy yn de doarpen omtinken hawwe moatte foar de iepenbiere romte; dat komt te'n goede oan de sosjale mienskip, it noflik wenjen fan de ynwenners en it gefoel fan feiligens.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. Befoardering fan de ferkearsfeiligens; dat jildt foar alle dielnimmers oan it ferkear mei ekstra omtinken foar de meast kwetsbere groepen lykas fytsers en fuotgongers, âlderein en (skool)bern en minsken mei in beheining.
- b. Praktyske en finânsjele stipe fan de gemeente foar de ferkearsopfieding op de skoallen.
- c. In feilige ferkearsgong op de Bildtdiken op grûn fan de pilot Westhoek – Oosthoek, yn oerlis mei de bewenners.
- d. Befoardering fan oanlis fan kuier- en fytspaden. Prioriteit bliuwt noch altyd in fytspaad bylâns de Attesweg.
- e. It behâld fan goed, op it plattelân ofstimd, iepenbier ferfier, omdat it fan grut belang is foar it noflik wenjen op it plattelân.
- f. Oandacht fan de boargers by it behear fan harren omjouwing en as de bewenners it wolle, ek by it útfieren dêrfan. Dêr komt neist grien en it ûnderhâld fan de diken û.o. ek it behear fan it wetter oan 'e oarder.
- g. De oanlis fan lytse boartersfjilden en oare lytsskalige foarsjennings.
- h. Opsmuk fan de buurten en doarpen en ûnderhâldsearm grien.
- i. Miljeufreonlike bestriding fan túch, sawol yn it grien as by de diken wurdt by útsûndering wurke mei gemyske middels.
- j. Miljeufreonlik grienbehear rjochte op it fergrutsjen fan in ferskaat oan planten en bisten.
- k. Soarch en omtinken foar de sosjale feiligens by de ynrjochting fan de iepenbiere romte.



...prioriteit fan WB bliuwt de oanlis fan 'n frijlizzend fytspaad bylâns de Attesweg....

4. EKONOMYSKE SAKEN

Wergroep het Bildt wol romte biede oan in krêftige eigen sosjaal – ekonomyske ûntjouwing yn 'e gemeente Het Bildt: wurkgelegenheid is in wichtige boustien foar de leefberens yn ús gemeente. De lânbou en oanferwante bedriuwen binne dêrom in protte wurdich foar de gemeente het Bildt. Wurkjen mei each foar ús miljeu is in driuwfear. Wy fine dat gemeente het Bildt himsels ek as ynteressante wengemeente profilearje moat mei in skala fan foarsjennings.

Wergroep het Bildt set him yn foar:

- a. It meiweagjen fan it aspekt fan wurkgelegenheid by de beoardieling fan fêstiging fan nije bedriuwen en de belêsting fan it miljeu.
- b. It sa geunstich mooglik brûken fan de bedriuweterreinen, útwreiding fan bedriuweterreinen kin allinnich by De Wissel en Nij Toerenburg yn Sint Anne. Oare bedriuweterreinen kinne allinnich ûntwikkele of op 'e nij ynrjochte wurde binnen de fisy fan it oanbelangjend doarp.
- c. De mooglikheid foar Bildtse bedriuwen om oanbiedingen te dwaan en wurk út te fieren yn de eigen gemeente, wêrby't duorsumens, kwaliteit en priis de trochslach jouwe.
- d. It mei krêft stypjen fan inisjativen dy't liede ta duorsume foarmen fan lânbou, fanwege kwaliteit fan de produksje, wolwêzen fan minsk en bist, wurkgelegenheid, miljeukwaliteit en ekologyske foardielen.
- e. Oandacht foar nije tsjinstferlienende bedriuwen en in grutter ferskaat fan winkels.
- f. It mei krêft stypjen fan it ûndernimmersklimaat op het Bildt.
- g. It ferbetterjen fan de digitale foarsjennings dy't foar elk berikber binne.



5. UNDERWIIS

Wergroep het Bildt fynt dat goede ûntwikkelingskânsen jûn wurde moatte oan alle bêrn. Boppedat fine wy dat basisskoallen tige wichtich binne foar de leefberens fan de doarpen. Troch te stribjen nei de ûntwikkeling fan brede skoallen kinne yn de doarpen mear foarsjennings (bygelyks pjutteboartersplak, berneopfang, wolwêzen, sport, kultuer en bibliotheek) bestean bliuwe of ûntwikkele wurde. Dermei fuortsterkje wy de sosjale gearhing en leefberens. Foar Wergroep het Bildt binne de twa skoallen foar fuortset ûnderwiis tige wichtich, dizze skoallen soargje foar in regionale funksje, wêrtroch't minsken harren hjir ek graach ta wenjen sette wolle.

Wergroep het Bildt set him yn foar:

- a. In ûnderwiisbelied dat him rjochtet op goede en hjoeddeistige húsfesting en fuortsterking fan oerlis en gearwurking fan iepenbier en bysûnder ûnderwiis.
- b. Fuortsterking fan mooglikheden fan berneopfang. De gemeente moat, wêr mooglik, stean foar de betingsten en foarsjennings.
- c. Fuortsterking fan it brûken fan foarsjennings fan pjutteboartersplakken, omtinken foar it meidwaan en kwaliteit, oerlis mei basisskoallen en in ferantwurde bydrage fan de âlden. Dêrneist wolle wy graach minsken mei in leech ynkommen finânsjeel stypje.
- d. Stypjen fan ûntwikkelingen yn it basisûnderwiis yn de rjochting fan de brede skoalle, wêrby't de oansluting op de pleatselike sitewaasje liedend is.
- e. Hanthavenje en fuortsterkje fan it fuortset ûnderwiis, wêr't romte is foar it iepenbiere en kristlik fuortset ûnderwiis en gearwurking stypje tusken beide skoallen.
- f. Underwiis oan folwoeksenen fuortsterkje, foaral by de efterstânsgruppen, en it stypjen fan it selsstannich meidwaan yn de maatskippij.



6. KULTUER, REKREAASJE EN SPORT

Kultuer, sport en rekreaasje binne by útstek de terreinen wêrop minsken elkoar moetsje en meidogge yn de maatskippij. Werkgroep het Bildt fynt derom in stimulearjend gemeentelik belied belangryk. Boppedat fine wy it fan belang dat in soad minsken jin aktyf ynsette foar it yn stân hâlden fan foarsjennings op dizae terreinen. Kultuer, sport en rekreaasje biede kânsen foar ús gemeente op it mêd fan it ûntwikkeljen fan bedriuwichheid en kultuertoerisme. Lytsskalichheid, rêst en romte foarmje de bekoaring. Dan giet it sawol om de eigen ynwenners as om toeristen.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. Tagonklikens fan meidwaan oan kultuer, sport en rekreaasje foar alle ynwenners. De gemeente moat dit stypje troch temjitte te kommen yn de kosten (subsydzje).
- b. Romhertige stipe fan inisjativen op it mêd fan kultuer, sport en rekreaasje as dizze posityf útwurkje op it byld fan het Bildt en oan kultuertoerisme en ekonomyske bedriuwichheid.
- c. It opstellen fan in nije brede "Bildtse Kultuernota", foar de Kulturele Ried leit hjir in wichtige rol om dat foarinoar te krijen.
- d. It kultuerbelied moat him rjochtsje op behâld, stimulearring, befoardering en ûntjouwing fan de eigenheid en it streekeigene fan de Bildtse en Fryske kultuer. Mei spesjaal omtinken yn it kultuerbelied foar de taal, hjirby is Bildts op It (âld) Bildt en Frysk yn Minnertsgea it útgongspunt. It sichtber meitsjen fan neamde talen yn iepenbiere romtes wurdt stimulearre.
- e. Stipe fan stichtingen dy't harren ynsette foar de Bildtse kultuer.
- f. Rekreaasjebelied dat útgiet fan lytsskaligens, passend yn in ferantwurde miljeubelied.
- g. It realisearjen fan mear kuier- en fytsfoarsjennings.
- h. It brûken fan mooglikheden fan de Noardlike Alvestêdenrûte



....de Blikfeart is ûnderdiel fan de Noardlike Alvestêdenrûte.....

- i. It útwreidzjen fan de mooglikheden om hjir te oernachtsjen. Inisjativen van meitinkende ûndernimmers moatte posityf beneiere wurde.
- j. It stypjen fan toerisme troch de toeristen de kultuer meimeitsje te litten.
- k. It oprjochtsjen fan in stipeplak fan de VVV of in oare lokaasje foar ynljochtings oan toeristen.
- l. In goede, fuortsterkjende gearwurking mei sportferienings wêrby't dizzen wis wêze kinne fan passende stipe.
- m. In aktive rol fan de gemeente yn it ûnderhâld fan sportfoarsjennings yn de gemeente het Bildt.
- n. Stipe fan inisjativen foar it meidwaan oan sport.
- o. Behâld fan it swimbad, dat heart by de sportfoarsjennings yn de gemeente dy't wy graach sjogge.
- p. It stypjen fan Go4sport fanwege de ûntwikkeling fan in oanbod fan ferskate sporten.



.....behâld fan it swimbad De Bildtse Slag....

7. SOSJALE FOARSJENNINGS EN MAATSKIPLIKE TSJINSTFERLIENING

Sosjale foarsjennings binne wichtich foar it wolwêzen fan minsken. Werkgroep het Bildt wol dat fan dizze foarsjennings safolle mooglik gebrûk makke wurdt troch dyjingen dy't dêr rjocht op ha. De foarsjennings strekke har út op in breed mêd; fan bystânsútkearingen (WWB) en regels oangeande it earmoedbelied, ta stipe foar mantelsoargers en frijwilligers (WMO). Sûnt jannewaris 2009 is it mooglik it beskikbere jild te kombinearjen. Troch ekonomyske omstannichheden wurdt de druk op de foarsjennings swierder. In protte is fêstlein by wet. Yn maatskiplike tsjinstferliening is romte foar eigen belied. De foarsjennings binne rjochte op jinsels rêde en op meidwaan yn de maatskippij. Frijwilligers ha in wichtige rol op tal fan gebieten en by it berikken fan dizze doelen.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. It trochstreamearjen litten fan ynwenners mei in útkearing nei betelle wurk troch opliedingen te begelieden, wêrby't safolle mooglik berneopfang foar hannen is of komt. Is it net mooglik wurk te finen dan wurdt belutsene stimuleard ta it sosjaal aktivearjen
- b. Garânsje fan kwaliteit en oansluting by spesjale pleatselike omstannichheden by it útbesteegejen fan (sosjale) foarsjennings. Bygelyks: húshâldlike soarch en mobiele helpmiddels.
- c. In brede loketfunksje, sadat der passende stipe ynset wurde kin.
- d. Gearwurking tusken ynstellings op it mêd fan wenjen en soarch, sadat minsken sa lang mooglik selsstannich wenjen bliuwe kinne.
- e. It befoarderjen fan profesjonele stipe foar mantelsoargers.
- f. It oantrunen en fuortsterkjen fan frijwillige ynset û.o. troch it meidwaan fan het Bildt oan it Europeesk Jier fan Frijwilligers.



8. FOLKSSÛNENS EN MILJEU

Wergroep het Bildt fynt dat de gemeente mei ferantwurdelik is foar in goed sûnensbelied rjochte op previnsje. It sûnensbelied hat in dúdlike relaasje mei it belied wat de sosjale- en WMO-foarsjennings oanbelanget.

In sûne boarger kin him langer sels rêde en in boarger dy't meidocht yn de maatskippij bliuwt langer sûn.

Foar Wergroep het Bildt hat beskerming fan natoer en miljeu foarrang. Duorsumens is dêrby in spearpunt. Yn de bedriuwsfiering en yn it belied fan de gemeente moat oandacht foar it miljeu fanselssprekkend wêze. Wergroep het Bildt fynt hanthavenje en in helder sanksjebelied op it mêd fan miljeu tige wichtich.

Wergroep het Bildt set him yn foar:

- a. In gemeentelik sûnensbelied rjochte op foarljochting en previnsje: it foarkommen fan sykte en net-sûn gedrach.
- b. In effektyf miljeubelied: planmjittich, konsekwinte en goed kontrolearre oanpak mei ekstra omtinken foar it hanthavenjen en sanksjebelied.
- c. In op duorsumens rjochte ôffalbelied mei dúdlike foarljochting fan de mienskip. It doel dêrfan is it beheinen fan de stream ôffal en it befoarderjen fan skieden ynsameling.
- d. Enerzjybelied rjochte op besparing is in essinsjeel part fan it gemeentelik miljeubelied.
- e. Sanearing fan fersmoarge lokaasjes.



9. ROMTLIKE OARDENING EN FOLKSHÚSFESTING

Wy moatte hiel sunich wêze op ús gemeente Het Bildt, mei syn rêst en romte. Wy fine it wichtich dat dizze kwaliteiten fan ús bûtengebiet bewarre bliuwe. Al fan de oprjochting ôf set Werkgroep het Bildt him yn foar it behâld fan natoer en iepenheid fan it Bildtse lânskip en yn dit programma is dat net oars. Wy fine dat wy sunich omgean moatte mei ús iepen romte. Wêr mooglik stribje wy nei útwreiding fan natoer en behâld fan karakteristike eleminten yn it lânskip.



...Werkgroep het Bildt set him yn foar behâld fan iepenheid fan it Bildtse lânskip....

Yn ús fisy op it romtlik belied stean wy foar in noflik wen-, wurk- en leefklimaat. In protte omtinken wurdt jûn oan de ferbettering fan de wenomjouwing; dat kin bygelyks ek troch behâld en herstel fan karakteristike wearden fan doarpen en diken.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. In protte omtinken foar iepenheid fan it lânskip fan it bûtengebiet.
- b. De lânbou moat de mooglikheid ta ûntjouwing hâlde nei hjoeddeiske easken fanút de lânbou sels en fanút de easken fan duorsume ûntjouwing en maatskiplik ûndernimmen.
- c. It hoedzjen fan it karakteristike bûtengebiet fan het Bildt mei de primêre lânbou as ekonomyske aktiviteit. Glêstúnbou is op het Bildt net wolkom fanwege de oantaasting fan it lânskip en omdat der gjin binning mei de grûn fan tapassing is.
- d. Behâld en herstel fan de natoerwearden fan it Waddengebiet en dus ek fan de gemeente het Bildt. Aktiviteiten dy't hjirmei stridich binne (sa as gaswinning en sâltwinning) wurde ôfwiisd.
- e. Binnendykse natoergebieten by de Blikfeart wurde útwreide en mei-inoar ferbûn.

- f. It tsjinhâlden fan nije groepen wynmûnen yn de gemeente het Bildt. Bestearde groepen kinne brûkt wurde as dêrtroch allinnichsteande mûnen út it lânskip ferdwine.
- g. Kwaliteitsferbettering fan de doarpskearnen en “ynwreiding” mei oandacht foar it karakter fan it doarp. Dat moat wol oanslute by de doarpsfisy. Hanthavenje fan foarsjennings, ynsletten in effektyf behear en fuortsterkjen fan de doarpsstruktuer binne hjirby de spearpunten.
- h. In earlike ferdieling fan wentebou mei oandacht foar de regiofunksje fan St. Anne.
- i. It prinsipe fan duorsume bou.
- j. It ûntwikkeljen fan bestimmingsplannen, wêrby't ynspile wurdt op maatskiplike ûntwikkelingen, sa as it krimpen fan it oantal ynwenners, en ynset wurdt op it ferbetterjen fan de kwaliteit fan de gebouwen en omjouwing.

10. JILDSAKEN

It jild dat nedich is foar de gemeentlike húshâlding komt foar in part fan it ryk en foar in part út de opbringst fan de gemeentlike belêstingen. Werkgroep het Bildt fynt dat de gemeente dizze middels op in ferantwurde manier útjaan moat en de gemeentelike lêsten foar de ynwenners fan het Bildt sa leech mooglik hâlde moat, foaral foar dy ynwenners dy't in leech ynkommen ha.

Werkgroep het Bildt set him yn foar:

- a. It heffen fan belêstingen nei draachkrêft.
- b. In romhertich en rjochtfeardich kwytsekeldingsbelied fan de gemeente.
- c. In realistysk finânsjeel belied wêrby't it ûntstean fan ûnnoadich hege reserves mijd wurdt.
- d. De gemeente moat safolle mooglik profitearje fan eksterne boarnen foar de finânsjearring fan grutte projekten. De gemeente moat sels jild efter de hân hâlde foar de eigen ynbring yn dy projekten.

Oer Werkgroep het Bildt.

Werkgroep het Bildt is in gemeentlike, lokale partij, oprjochte yn 1974. Sûnt dat jier is Werkgroep het Bildt yn de gemeenterie fan het Bildt fertsjinwurdige. Yn de ôfrûne rom 35 jier hat Werkgroep het Bildt in aigen gesicht toand, in eigen lûd hearre litten en wurke fanút in eigen foarútstribjende fisjy.

Als gemeentlike, lokale partij hat Werkgroep het Bildt gjin bining mei lanlik of provinsjaal organisearre partijen. Werkgroep het Bildt wol als lokale politike groepearring alle kânsen oangripe om de ôfstân tusken polityk en bestjoer oan de iene kant en de befolking oan de oare kant sa lyts mooglik wêze te litten.

Dit programma fan Werkgroep het Bildt is beskikber yn trije talen: Bildts, Frysk en Hollâns.

Kandidatelist

Foar de Gemeenterie ferkieziings op 3 maart 2010 hat Werkgroep het Bildt de folgjende kandidatelist opsteld:

1.	Boukje Tol	Minnertsgea	13-06-1956
2.	Frans van der Mossel	Froubuurt	04-01-1955
3.	Louwina van Noord	St.-Anne	10-05-1960
4.	Ben Schouman	St.-Anne	23-04-1949
5.	Haye Stellingwerf	Minnertsgea	18-05-1959
6.	Jeroen Kingma	Ouwesyl	10-04-1975
7.	Annefrouk Hornstra	St.-Anne	27-08-1976
8.	Marieke Sloterdijk	Nij Altoenae	27-08-1966
9.	Cornelis Postma	St.-Anne	04-04-1990
10.	Brenda van der Laan	St.-Jabik	04-12-1958
11.	Marijke Post-Runia	Ouwesyl	21-07-1950
12.	Sydo de Jong	St.-Anne	29-09-1960
13.	Oege van der Mossel	Minnertsgea	07-12-1952
14.	Nienke Stap	St.-Anne	30-07-1969
15.	Reina Mulder	St.-Jabik	28-08-1952
16.	Rixt Buwalda	St.-Anne	07-07-1973
17.	Hette Madhuizen	Minnertsgea	22-09-1951
18.	Dirkje van der Veer-Dijkstra	Ouwesyl	15-08-1963
19.	Margot Bosma	St.-Anne	08-10-1972
20.	Atje Tadema-Postma	Froubuurt	04-02-1955
21.	Jan van Beelen	St.-Anne	22-07-1952
22.	Geke Visser-Mik	St.-Jabik	02-05-1953
23.	Dick Nauta	St.-Anne	28-06-1944